

Antwurden Tekstbegryp ensfh. A 16 april 2016

Bûten it korreksjemodel wurdt alles goed rekkene wat yn 'e hânwurdboeken fan de Fryske Akademy stiet, útsein dy gefallen dat dêr wurden yn foarkomme dy't yn 'e lesstof ferkeard rekkene wurde (b.g. 'dik' as oersetting fan Ned. dik, 'lústerje' as oersetting fan Ned. luisteren of 'raam' as oersetting fan Ned. raam). By de ûnderdielen C, D en F wurde staveringsflaters ek rekkene, by de oare ûnderdielen net.

TEKSTBEGRYP

- A. *De fragen moatte yn it Frysk en yn folsleine sinnen beäntwurde wurde. Mei-inoar 23 punten.*
1. De minsken fan de museums woene hiel lang/oant foar koart foaral sammelje en bewarje en it wie foar harren in taboe om skinkingen te wegerjen. (2 punten)
 2. Dêr wurdt mei bedoeld dat dêr leaver net oer praat waard. (2 punten)
 3. By it ynkommen fan it nije millennium (om 2000 hinne) is it tinken dêroer feroare. (2 punten)
 4. De situaasje feroaret yn lytse stapkes, om't in protte Friezen noch fan betinken binne dat in museum der krekt is om it beskikbere kulturele erfgoed te bewarjen. (2 punten)
 5. a. Dêr wol de skriuwer mei dúdlik meitsje dat de floddermûtse it symboal (de karikatuer) is fan it feit dat museums yn it ferline ornaris fierstente folle fan itselde hiene. (2 punten)
b. Dêr wurdt mei bedoeld dat museums net langer noch mear fan itselde wolle, dat der in streep ûnder it ferline lutsen wurdt, om't in nije rjochting ynslein wurdt. (2 punten)
 6. Alles wat no net op seal sjen litten wurde kin, leit út it sicht op souders en yn kelders. (2 punten)
 7. Konservatoaren en direkteuren wolle opromje, kelders en souders leechhelje, regaad meitsje. (2 punten)
 8. De skriuwer hat it oer it wetter fan de Tsjonger, omdat dat in útdrukking is dy't betsjut dat der, om dwaan te kinnen wat konservatoaren en direkteuren wolle, earst in protte praat/diskusjearre wurde moat. (2 punten)
 9. a. Dat moderne wurd is: ûntsammelje. (1 punt)
b. Dat wurd klinkt neffens de skriuwer negatyf om't it te krijen hat mei oprêden, opromjen, fuordwaan, net mear hawwe wolle. (2 punten)
 10. In folle dúdliker koers soe ynhâlde kinne: (folsleine en oersichtlike) kolleksjes sûnder dûbele foarwerpen (2 punten)

TAALEIGEN

B. *Twa punten foar elke goede betsjutting of omskriuwing. Mei-inoar 20 punten.*

1. gaadlike = geskikte
2. ynkommen = it kommen yn, it begjin, de yntree
3. gauris = faak, geregeld
4. ferskate = gâns wat, ytlike, ûnderskate
5. strûpte ûnder = rekke bedobbe
6. garre = sammele, byinoar brocht
7. souder = boppeste ferdjipping ûnder it dak fan in gebou, solder
8. regaad = opromming
9. ear't = foardat, foar't
10. útkomst = resultaat, útslach

C. *Twa punten foar elk goed wurd. Mei-inoar 20 punten.*

- | | | |
|-----------|---------------|-----------|
| 1. slinen | 3. de bosk | 5. tiis |
| 2. eine | 4. snústerich | 6. telâne |

- | | |
|---------------|------------|
| 7. spoarbomen | 9. teie |
| 8. rigel | 10. pleats |

D. Ien punt foar elk goed meartal en ien punt foar elk goed ferlytsingswurd. Mei-inoar 20 punten.

- | | |
|-----------------------|------------------------|
| 1. dingen-dinkje | 6. downen-doke |
| 2. bjinders-bjinderke | 7. bedriuwen-bedriuwke |
| 3. jassen-jaske | 8. paden-paadsje |
| 4. dammen-damke | 9. flaggen-flachje |
| 5. doarren-doarke | 10. huodden-huodsje |

OERSETOPDRACHT

E. Trije punten foar elke goede sin. Mei-inoar 15 punten.

1. Jan en ik moatte moarn tegearre nei Ljouwert, mar dêr haw ik net safolle sin/nocht oan.
2. Wy sille yn 'e simmer/fan 't simmer mei in sylskip oer de Iselmar nei Amsterdam (ta) farre.
3. Ut de keamer wei kinst/kin men krekt de bern yn 'e wyn op fytsen sjen.
4. It foel net ta om him net mear oan Sinteklaas leauwe te litten.
5. De bern fan ús Klaas útfanhûzje/útfanhúzje fjirtjin dagen by har(ren) pake en beppe.

YNTERFERINSJES

F. Ien punt foar elke goede ferbettering. Mei-inoar 14 punten.

- | | |
|--|---|
| 1. Folgens = Neffens
falt it dy tsjin = falt it dy ôf
stopje = ophâlde | 4. kryst = krysttiid, krystdagen
skaatse = (reed)ride
buorren = buorlju |
| 2. Namens = Ut namme fan
fanôf = fan ... ôf | 5. stie op = kaam fan 't bêd (ôf), kaam derôf
tsien foar healwei sânren = tweintich oer
seizen
donker = tsjuster |
| 3. folle = in soad/protte/bulte/gâns
slikke = ynnimme
tsjin = foar | |

Mei-inoar kinne op dit ûnderdiel 112 punten helle wurde. By dit ûnderdiel wurdt útgien fan in noarm fan 60% goed (= 67,2 punten) is in foldwaande (5,5). Mocht dêr oanlieding ta wêze, dan kin de Eksamenkommisje dêrfan ôfwike.